

AD 1870

HISTOARYSKE KOMMISJE
DE EASTERWIERRUMER
FREONERÛNTE



1935

Yn de omkriten fan de Snitser-Aldfeart.



De wite herberch.

Skriuwer ??

Yn de omkriten fan de Snitser-Âld Feart

Yn de omkriten fan de Snitser-Aldfeart




De wite herberch.

De Easterwierrumer hynstemerck is lang in merk west, dy't frij hwat to bitsjuten hie. Yn tige âlde almenakken wurdt der al gewach fan makke en hy waard stees hâlden yn 't allerearst fan Juny. It wie dan mei-iens ek "merke", dy't twa dagen duorre. Op dizze hynstemerck wie it altyd tige drok, der waerden in bulde hynders oanfierd. It wie foar de boeren in gaedlike tiid, noch krekt foar de ûngetiid. Mannichien moast noch in hynsder der by ha foar de kommende drokte of moast faeks in oaren oanruilje. De easken, dy't in boer sa'n 60 jier lyn oan in hynsder stelde, wiene al oars as tsjintwurdich. It hynsder moast tige mak yn it tuech wêze, hwant fansels, woe men hjir of der ris hinne, dan moast men fan in rydtúch gebrûk meitsje; fytsen en auto's wiene der doe net. Mar dat net allinne, it hynsder moast ek tsjenje kinne en dit wie fan great bilang. Mei de hynstemerck stie it "plein" dit is de romte foar de "wite herberg" fan greate Popke fol hynsders. Op 'e tekening kin men de âlde herberch sjen en der neist de weinmakkerij, hwer't foarhinne lytse "Hans weinmakker" regearre. Tusken dizze beide húzen yn, is de wide steech, hweryn de boeren de keallen brochten, dy'tlevere waerden foar export nei Dútsklân. Lykwols it "plein" is sûnt dy tiid ek foroare en frij hwat lytser wurden troch it bouwen fan de houten loadsen fan de timmerfebryk by de feart lâns. Mar net allinne stie it plein fol hynsders, de dyk út nei Boazum, dy nei Weidum en de Earnedyk, wiene by de buorren ek aerdich biset.

By de wite herberch lâns wie it hwat gefaerlik, de dyk wie der mar smel en oan de oare sde wie de Easterwierrumer Aldfeart, mei syn djippe wâl. Lokkich is hjir yn de lêste tiden foroaring kommen troch it setten fan in flink stek. Flak foar de âlde herberch stie Sjouke Blauw mei in lange swipe efter syn hapkes ewist mei it klappen

der fan aardich geast yn de soms âlde kalme hynsders to krijen. In eintsje fierder it doarp op stie Piet Post mei syn trouwe helper Ijme, it liken mear op bruorren dan op keapman en driuwer. Dan stie der yn 'e hoeke Siebren Jans mei in rigele hapkes. Sa soe 'k wol mear op neame kinne, mannen dy't alle jierren de hynstemark bisochten en in fêst plak fan merken hiene.

De Easterwierrumer Aldfeart dy't ek wol âld Streamfeart neamd wurdt, rint dwars troch de buorren. Dizze feart ien fan de aller âldste streamkes fan Baerderadiel roun fan ôf de Middelsé nei de Wieuwerter mar, dy't droech makke is yn 1834. Mei sterk iis wurdt dizze feart bibane en as men dan op redens de feart del rydt, falt it op, hoefolle setten mei barten der oer lizze. De namme fan dizze âlde feart fynt men werom yn 'e namme fan it wetterskip.



It âlde Roomske tsjerkje.

Omtrint 1795 krigen de Roomske Katholiekken permisje om hjir in tsjerke to bouwen. In toer waard der net by makke. Noch ma inkele jieren lyn is dit tsjerkje ôfbrutsen en oan de Earmedyk by de buorren is in nije Roomske tsjerke en toer boud, sadat Easterwierrum tsjintwurdich pronkje kin mei trije tuorren!

Bij de brêge, by it wetter del, it earste hús, dêr wenne earder Petrus Tet. Dit hús levert niks gjin bisonders op en de niisneamde frou wie ek mar in gewoane frou, mar hja hie in bidriuw, dat alhiel út de moade is, ja ik doar wol sizze alhiel "fan de baen is", n.l. mûtsewaskster en –stijfster. Forskate floddermûtsen waerden har brocht en omdat se mar knap dwaen koe, it wie elkenien har wurk net, hie hja

it tige drok. Sa'n sechstich jier lyn droegen de froulju, foaral op it plattelân, allegearre in earizer mei in floddermûtse. Dizze floddermûtse moast tige skjinn en fan efteren fan pas stive wêze, dit hipte nou, hwant faek waard oan de skjinnens fan de floddermûtse ek de skjinnens of sloffens fan de froulju ôfmetsen.

Foart by de buorren en ek oan de âlde feart stie eartiid de state "Vogelzang". Noch kin men oan inkelde dingen sjen, dat dit in belangrike stat west hat. Oan dizze tiid ta is de namme fan Vogelzang yn 'e folksmûle biwarre bleaun. Op it âlde sté stiet nou in boerepleats, mar al is der neat fan de âlde stins oerbleaun, eltse Easterwierrumer kin noch it plak oanwize, hwer't ienkear de femylje wenne, dy't san belangrike rol yn de doarpsskiednis ynnommen hat.

Wy sille nou ris efkes neigean, de nammen fan hûzen en stikken lân ûnder Easterwierrum, hwerfan inkelde oernomd binne út it Beneficicaal boek fan Fryslân. Miskyn dat âlde Easterwierrumers har inkelde fan dy nammen noch yntinke kinne. It "Langlandt", dit lei oan de Swette en oan de Hea-wei, dus op 't Easterwierrumer Nijlân, de "Bosylen", de "Moordakkers". Dizze lêste lizze ek op 't Nijlân. Sjocht men de kadastrale kaert, dan is it opfallend, dat de Moordakkers lange smelle stikken lân binne, dy't rinne fan 't Noorden nei it Suden. De "Weijwiske", de "Dyckstal", "Krinzer-earm", dat is de Earmedyk, sa't wy al earder sjoen ha, it "Meenschar", de "Leege Bosylen", it "Gouland", it "Omland". Fierder wurde namd foarname hûzen as: Gerbada, Horritsma, boetsinge Doytiema, Harkinga, Sywdsma, Antiama, Gartinga, Harma en de Hang. Men sjocht wol dat der frij hwat nammen fan âlds binne, hwerfan faek mar inkele ûnder de minsken fuortlibje.